

Nijsgjirrige presintaasje fan it Bûsboekje 2017

Op útnûging fan de redaksje fan it Bûsboekje wiene woansdeitemiddei 28 septimber in moai tal gasten tsjûge fan de presintaasje fan it 'earste' Bûsboekje 2017 yn kafee 'Thús', yn it gebou fan it Frysk Museum, wat ek it plak is fan Filmteater Slikeer.



Adalgard Willemsma oerlanget Anneke van Renssen it earste Bûsboekje 2017

De redaksje fan it Bûsboekje hat foar 2017 keazen foar it tema 'Film yn Fryslân', en help krigen fan Syds Wiersma, koördinator fan it Frysk Film Argyf. As gastredakteur soarge hy foar in histoarysk oersjoch fan it tema, wat er yn syn ynlieding nochris taljochtsje koe. By it meitsjen fan dêrfan waard dúdlik dat de skiednis fan de film yn Fryslân in foar in grut part braaklizzend terrein is.

Hichtepunten foar de film lizze yn 'e tritiger jierren fan de foarige iuw, doe 't it materiaal ek foar de amateur beskikber kaam, yn 'e santiger/tachtiger jierren, mei de opset fan it Fries Film Circuit en de filmhúzen, en de tiid fan hjoeddedei: sa as de '48-hours' kompetysje dy 't



Syds Wiersma liedt it tema yn.

ferbûn is oan it Noardlik Filmfestival. It brûken fan de fryske taal yn de spylfilm bliuwt wol in marginaal ferskynsel, al liket it de kommende jierren de goede kant út te gean mei produksjes as 'De Smearlappen' en 'Understream'.

It 'earste' Bûsboekje 2017 waard troch foarsitter Adalgard Willemsma oanbean oan Anneke van Renssen, yn it ferline programmeur/direkteur fan it Noardlik Film Festival, as wurdearing foar har ynset foar de Film yn Fryslân. Sy die har wurk út idealisme, in ynstek dy't ek te finen is by de meiwurkers oan it Bûsboekje, sa waard oanjûn troch de foarsitter.



Anne Feddema draacht syn filmfers foar.

It programma waard besletten mei in foardracht fan Anne Feddema, dy 't yn opdracht fan it Bûsboekje in nij ferskreaun hie: 'Minskefinzene fan Pathémos yn 'e bioskoop'. Dernei waard it selskip nûge foar in sit yn de Blauwe seal fan it Museum, foar in koarte ferzje fan de earste Fryske spylfilm 'Kar út Twa' (1936).



It selskip yn 'e filmseal